

DÉ RING FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2024
2025


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

53

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS

VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42	7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718	/ 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23	7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175	/ 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15	8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240	
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10	7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683	/ 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5	8131 CZ Wijhe
	jantjerkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329	/ 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103	8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836	

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSONEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatter	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Hândellaan 359	06 44440759
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 53
nûmer 3

Oprjochte 8 febrewaris 1899

foarmoanne 2025



Boarne: www.fanvanfryslan.nl / Grutte mûne by Broeksterwâld

KRYSTMIEL 2024

Tongersdei 19 desimber hâlden wy foar de fyftjinde kear in krystmiel. Lykas foarich jier binne wy delstrutsen yn Restaurant 'Het Roode Hert' by Dalfsen. De menukaart foarseit allerhande lekkere gerjochten yn fjouwer gongen. Mei ek noch twa konsumpjes en in kopke kofje of tee ta beslút. Wat wol in minske noch mear?!

Klokslach kertier foar seizen kin ik 73 gasten wolkom hjitte. Der hiene har 75 minsken opjûn, mar spitigernôch moasten twa fan harren troch sykte of in oare reden ôfheakje.

It refrein fan it liet 'Hoe sille wy fan frede sjonge?' foarmet de reade tried fan myn iepeningswurd. Om't de tastân en ferhâldingen yn 'e wrâld heaksk steane op itjinge dêr't mei kryst by stilstien wurdt. De berte fan Jezus yn in earmoedige stâl yn Bethlehem. Neist oarloffen en krisissen is der sprake fan aloan fierdergeande polarisaasje ynstee fan ferbining. It is dan ek spitich, dat VanDale keazen hat foar *polarisaasje* as wurd fan it jier, yn stee fan *ferbining*. Yngrediïnten foar ferbining binne leafde en respekt. It symboal dêrfan is in reade roas. Dy kriget elk jûn mei nei hûs.



eigen foto's

It foargesetsje, de marinearre salm mei appel, byt en sitroenmajonêze, falt tige yn 'e smaak. Dêrnei is der it earste fan trije optredens fan it Frysk Sjongkoar Swol. De meiwurking fan it koar wurdt tige op priis steld. Mei prachtige krystlieten soarget it koar foar noch mear (kryst)sfeer. De trije lieten fan it earste 'blokje' binne *Ingelsk krystliet*, *Sang fan 'e hoeders* en *Gloria In Excelsis Deo*. As elk wer te plak sit, komt de tomatosop mei prei en skinke op tafel. It is ien fan de spesjaliteiten fan 'Het Roode Hert'. *Hoe sille wy fan frede sjonge*, *Krystklokken* en *Ald krystliet* foarmje It twadde blokje lieten fan it koar.

(lês fierder op side 3)

OPLOSSING KRYSTPUZEL 2024

AS IT DE BOER GOED GIET, GIET IT ALLE MINSKEN GOED.

1	Y	N	H	A	L	D	21	F	E	R	S	T	I	I	V	J	E
2	B	R	O	S	J	U	E	R	E	22	N	E	E	D	R	E	M
3	O	M	R	I	N	23	T	S	J	I	N	S	T	F	A	A	M
4	R	U	S	T	K	E	T	24	P	A	R	T	I	D	I	C	H
5	W	Y	L	D	E	M	A	N	25	G	A	S	T	M	I	E	L
6	T	E	G	E	A	R	R	E	26	D	R	A	A	I	E	R	IJ
7	K	N	I	B	B	E	L	27	B	E	H	A	L	D	E	N	D
8	F	R	E	O	N	L	I	K	28	B	O	E	L	G	U	O	D
9	D	J	O	E	I	E	29	S	W	A	N	N	E	B	L	O	M
10	M	U	O	R	R	E	30	O	M	G	A	M	M	E	L	J	E
11	N	E	I	G	E	S	E	T	S	J	E	31	I	E	R	D	E
12	S	K	R	O	A	R	32	T	U	S	K	E	N	S	K	E	T
13	T	S	J	E	R	K	E	33	O	F	F	U	S	T	K	J	E
14	U	N	T	D	U	K	E	34	S	E	L	S	K	I	P	J	E
15	B	A	R	G	E	D	U	T	S	K	35	B	E	R	I	E	D
16	B	E	S	I	B	B	E	36	G	L	E	O	N	H	J	I	T
17	D	O	W	E	S	T	I	E	N	37	M	E	G	A	N	Y	K
18	F	E	R	T	R	E	D	Z	J	E	38	B	O	T	W	E	I
19	A	A	I	,	39	F	E	R	B	E	T	T	E	R	I	N	G
20	B	A	R	G	E	R	IJ	40	F	O	A	R	D	R	A	G	E

Carianne van Harten, Freerk Kunst, Jolanda Lootens, Petra Aukema, Gerrit Jellema, Riemke Bakker en Tiny Kansen hawwe (yn gronologyske folchoarder) de oplossing ynstjoerd. Tige tank minsken.

Op ús nijjersmiddei meitsje jimme (as jimme der binne!) kâns op ien fan trije doaskes mei seis stikjes oranjekoeke.

ORANJEKOEKE

Op ús (nijjiers)middei op freed 31 jannewaris 2025 stiet om healwei twaen de kofje/tee mei in lekker stikje oranjekoeke foar jimme ree. De oranjekoeke komt moarns streekrjocht út Fryslân. Farsker kin net!



Wa't middeis in grutte of lytse oranjekoeke mei nei hûs nimme wol, moat dy **foar 20 jannewaris bestelle!**

In lytse oranjekoeke kostet € 16.--. Dêr kinne 6 of mear stikjes út snien wurde.

In oranjekoeke dêr't 12 of mear stikjes út snien wurde kinne kostet € 27.--.

Ut in grutte oranjekoeke fan € 41.-- kinne 20 of mear stikjes snien wurde.

Dus ... hoe grutter de oranjekoeke, hoe goedkeaper it stikje!

Bestelle kin troch in e-mailsje te stjoeren oan frykselskipswol@gmail.com of in telefoantsje nei ús ponghâlder Sjoerd Bakker 0529 401683.

Graach **dúdlík oanjaan** oft it om 6, 12 of 20 stikjes giet en hoefolle (1, 2 of mear). It jild ek graach foar 20 jannewaris oermeitsje op rekkennûmer NL95RABO 0377337366 op namme fan Frysk Selskip Swol.

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 31 JANNEWARIS 2025

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade :

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 31 jannewaris 2025 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

(ferfolch fan side 2)

It sjongt wat swier ûnder it lege plafond en it giet net alhiel goed, hearde ik fan in pear koarleden. Dêr merke de taharkers lykwols neat fan, want it klinkt prachtich. Dat is ek net sa friemd, want yn septimber begûn it koar al mei de repetysjes fan de krystlieten. It resultaat kin dan ek besjen, o nee, beharkjen lije. It haadgerjocht bestiet út in kombinaasje fan hin en bargehazze mei huningtimesuas, bakte ierappels en fryt, waarme griente, appelkompôte (guon neame it smots, mar der sit ferskil yn) en frisse salade. Dat nimt fansels wat mear tiid as in pantsje sop, mar dêr is yn it tiidskema rekken mei hâlden.



eigen foto's

As it behimmele is, sjocht men al wer út nei it tredde optreden fan it koar. Dat blokje bestiet út *Winterwûnderlân*, *Riis*, *do sinne* en *O, hil'ge nacht*. Diriginte Jelma Wiegersma en Jolanda Lootens sjonge de ferzen en it koar it refrein. It is ien fan de bekendste krystlieten. *O, hil'ge nacht, wy lúst'rje nei jins sangen en sjogge op nei it ljocht fan Bethlehem. Tsjustere machten hâlden ús yn finz'nis, mar bliid en treastend klinkt dêr in ing'lestim.* It is in pikefelmomint, lykas der dizze jûn mear binne. It entûsjasme, de passy dêr't mei songen wurdt, spat derôf. Dan komt it neigesetsje op tafel; brânde rjemme (crème brûlée) mei fanylje-iis en in toppe slachrjemme en as ôfsluter in kopke kofje of tee. Mei-inoar sjonge wy, dêrta oanstutsen troch it entûsjasme fan it koar, út folle boarst de Fryske ferzje fan it wrâldferneamde 'Stille Nacht'. It útlotsjen fan de krystprizen dêr't Annet foar soarge hat, makket in stikmannich minsken bliid. Ta beslút kriget elk in reade roas (symboal fan leafde en respekt) en giet foldien en mei in goed gefoel op hûs ta.

(JB)





It bûthûsbankje

*'k Sjoch noch dat bankje, dêr efter de kji
Hiel gewoan, sa stie it derbij
Stie altyd ree bij mannich petear
It bûthûsbankje it is der net mear,*

(De Wiko's)

De Wiko's waard yn 1969 oprjochte troch Kobus Algra (silger), boer en akkordeonist út Menaam. Op 20 oktober 2013 joegen *De Wiko's* it lêste konsert. 'It bûthûsbankje' is noch gauris op OmropFryslân te hearren.



It **Frysk Sjongkoar Swol** sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille in grut tal bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht sels de Fryske taal net machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuven fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan ek yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter	0523 656802
Simon Galema	skriuwer	06 51562533
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520



DE FERGETTEN RAMP

Elk kent de ferhalen en bylden fan de wettersneed fan 1953. In selde mar lytsskaliger ramp is (hast) fergetten. Dy ramp barde ek yn febrewaris en kaam ek troch in kombinaasje fan in swiere stoarm en springtij. Op 1 febrewaris 1825 wie it rêstich en soel waar. It wie suver maitideftich yn stee fan winter. In dei letter begûn it te waaien en boaze de wyn oan ta in tige swiere noardwesterstoarm. Mei't it ek springtij wie, kaam it wetter yn de Sudersee gefaarlik heech. Heger as men ea earder meimakke hie. De seediken wiene yn de Frânske tiid (1795 – 1813) net ûnderhâlden en yn de jierren dêrnei wie der ek net folle oan dien. Boppedat hiene se dy winter troch in soad wetter en in pear stoarmen al hiel wat te lijen hân. Der wie dan ek gjin hâlden oan. Op twaentwintich plakken yn Noardwest-Oerisel en Súdwest-Fryslân holden de diken it net. By De Lemmer, Nijemardum, Mirns en tusken Hylpen en Warkum brieken se troch en sechstich persint fan Fryslân strûpte derûnder. Minsken sochten in goed hinnekommen en besochten safolle mooglik fee te rêden. Dochs ferdronken der tûzenen bisten en ferlearen 379 minsken it libben, foaral trochdat se siik waarden troch fersmoarge drinkwetter en letter malaria. De measte (305) yn Oerisel en santjin yn Fryslân. Der wie gâns skea oan huzen en pleatsen. Troch it seewetter wiene de skoandere landerijen sâltich wurden en brochten jierren oanien minder op. It is de grutste natuerdramme yn Nederlân fan de 19e iuw, dy't troch alle Nederlanners mienskiplik belibbe waard. It is ek de earste ramp yn Nederlân dy't troch brieven, kranteferslaggen, tekeningen, etsen, ensfh. goed dokumintearre is. Dy tsjûgje fan de omfang en de ûntheistering, mar ek fan de nasjonale diskusje oer de needsaak fan in feiliger seewarring. Want sa koe it net langer. Mar it soe noch in lytse hûndert jier duorje, ear't mei de Súdeeuwurken útein set waard. De ramp liket út ús kollektive ûnthâld ferdwûn te wêzen. Mar yn 2025 helje musea, ferieningen en ynwenners yn it súdwesten fan Fryslân de ramp fan 1825 wer út 'e ferjitnis. Snein 2 febrewaris liede in grut tal tsjerken en klokkestuollen jûns om acht oere harren klokken. Lykas yn 1825, doe't it kloklieden de minsken warskôge foar it oankommende ûnheil. It kloklieden duorret, hiel symboalysk, 18 minuten en 25 sekonden. Yn Noardwest-Oerisel binne op 4 febrewaris om 18.25 oere 305 klokslaggen te hearren. Ien slach foar elke ynwenner fan de provinsje dy't by de ramp omkaam is. Der bard noch folle mear. Bygelyks in eksposysje yn 'Mar en Klif' yn Aldemardum. Sjoch op <https://nationaallandschap.nl>

It is goed, dat der omtinken oan dizze noch net fergetten ramp jûn wurdt, om't it tema noch like aktueel is as twa iuwen lyn. De fraach hoe't wy ús ta it wetter ferhâlde, is perfoarst gjin ferline tiid.



Ynformaasje en kaart ûntliend oan <https://nationaallandschap.nl/watersnood1825>

(JB)



We strûpe derûnder! It wie in needgjalp. As by't hjerst de fûle súdwesterstoarman it wetter út it marregebiet nei de Lege Midden fan Fryslân opwaaide en it om Grou, Warten en Earnewâld hinne heger en heger kaam, dan waard it ien grutte striid om boppe te bliuwen. It bûtenwetter rûn oer de polderdykjes en de binnenkrytsjes drigen fol te rinnen. Yn '*We strûpe derûnder*' skriuwt Gjalte de Groot oer dy striid en oer it libben fan de minsken dy't dêr fier efterôf wennen op harren buorkerijen mei legendaryske nammen as Luctor et Emergo, Laban, Cuba, Werklust (18-mêd) en de Koaipeats. En fansels oer Sytze en Maaïke. Allegear steeën dêr't men allinne mei de boat komme koe. Gjalte


fertelt yn dizze roman op in meinimmende wize oer it libben fan Jeen en Anne dy't troch fûleindich arbeidzjen, moed en striid boer wurde op de Koaipeats. Mar ek oer it libben fan meanders en ûngetiders op de Wydlannen, de molkfarder as ûnmisbere skeakel mei de bewenne wrâld, de brea-fiskers. Harren hurde striid om in skraal bestean yn dat sompige diel fan Fryslân, 'De Alde Feanen'. **We strûpe derûnder!** is in tiidsdokumint út it folle libben fan doe, byldzjend beskreaun foar de lêzer fan no.

NET DOM

Twa twillingbroers dy liken
Sá sprekkend op elkoar,
Dat nimmen koe dy beiden
Gewoanliks útinoar.
Kaam ien fan beiden hjir of dêr
Dan hie men fuort it praatsje wer:
Wa binn' jo nou, as 'k freegje mei,
Is 't Jan dy 'k foar my ha, of Kei?


Mar ien fan beide bruorren
– Sa goed as 'k wit wie 't Kei –
Waard tige siik en rekke
Doe oan dy sykte wei.
En d'oare, dy yn libben bleau,
Trof efkes letter in goefreun.
Dy frege koart: – Hoe is dat no,
Wa is ferstoarn. Jo broer of jo?

Gedicht fan Otte Sijes Akkerman (1872-1956), de heit fan skriuwer Paulus Akkerman.
Ut '25 Fryske Foardrachten,' gearstald troch P. Terpstra. (Boarne: Goeie.fr!)



NIJJERSMIDDEI MEI IN BETUFTE FERHALEFERTELLER

Eartiids hie elk doarp syn ferhaleferteller. Fryslân hat ek altyd in oarde west fan ferhalefertellers. En se binne noch altyd yn Fryslân te finen. Manlju of froulju dy't goed op 'e hichte binne mei harren krite, de natuer en it aard en de gewoanten



fan de minsken dy't der wenje. Guon yngrediïnten fan 'e ferhalen, binne beasearre op dingen dy't wier bard binne. Oare ferhalen wurde wat moaier makke, in bytsje oerdreaun en/of berêste foar in part op fantasij. Ien fan de ferhalefertellers is Gjalte Sijksz. de Groot. Lyts fjirtich jier wennet er ûnder Holwert, dêr't er yn 1987 in bargehâlderij begûn. Mar hy is opgroeid yn *It Wetterlân* tusken Grou en Earnewâld. Oar dat gea hat fjildman en folksskriuwer Gjalte de Groot ien fan syn boeken skreaun; **We strûpe derûnder**. Oer it libben fan eartiids yn *It Wetterlân* kin er op ynnimmende en ûnderhâldende wize fertelle. Lykas ferhalen oer it ljipaaissykjen, dat him syn hiele libben yn 'e besnijing hân hat. Sa hat De Groot foarsitter

west fan de Bond Friese Vogelwachten. En hy hat boeken skreaun oer it ljipaaissykjen; *De aaisiker* en *It lêste aai*. Hy fertelt oer ielrikjen en oer einekoerflechtsjen. Dat ambacht hat er 648 minsken bybrocht, dy't by him op kursus kamen. As er yn syn Swetshok oan it einekoerflechtsjen is, komt er ta rêst, seit De Groot. Dêr hat er de tiid om ûnderwerpen rypje te litten en sa ûnstean de bettere ferhalen. Dat Swetshok hinget en stiet fol mei attributen; bygelyks posters fan skûtsjes, in âlde skoalplaat, ielfûken, in stoarmlantearne, in skilderij fan in broedsje ljipaaïen en in wekker dy't stil stiet. 'Dy wekker stiet altyd stil, omdat wy hjir de tiid oan ússels hawwe', leit De Groot út. Oer elk attribút hat er wol in smout ferhaal. Bygelyks oer de snoekangel. Byldzjend kin er fertelle oer de readwite koarken, dy't nei ûnderen sjitte as in snoekabyt. It iene ferhaal hellet it oare út. Ferhalen dy't yn it boek *It Swetshok* steane. En yn *No moast hearre!* en *No komt it noch!* Neidat syn boeken útkaam wiene, fregen minksen De Groot oft er net ris delkomme woe om ferhalen te fertellen. Sa hat er yn 'e rin fan 'e jierren mear as 250 kear op in paad west. Dan naam er rikke iel mei, dy't er ferkocht. Bêst mooglik, dat Gjalte de Groot ek rikke iel meinimt as er freedtemiddei 31 jannewaris nei De Weijenbelt komt om ús mei syn smoute, sterke en foaral ek werkenbere ferhalen te fermeitsjen. In middei om net te fersitten!

(Boarne: FrieslandPost jannewaris 2021)

(JB)

Freed 31 jannewaris 2025 om 14.00 (twa) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol (ynrin fan healwei twaen ôf)

Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)

Us noflike nijjersmiddei mei



Gjalt de Groot

oer syn boek 'We strûpe derûnder' en oare nijsgjirrige, smoute, sterke en werkenbere ferhalen



Koffe of tee mei oranjekoeke en in drankje fan it selskip en in 'boltsje' fan De Weijenbelt

en fansels ek ... rom tiid foar ... it útwikseljen fan nijjerswinsken en in praatsje

EN ... IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !! HOE MEAR LOTTEN, HOE GRUTTER DE KANS !!